

Kidelstiennen fan in eigensinnich skriuwer

FD24-5-'08

Roman

troch Jaap Krol

Yn 2000 ferklearre Josse de Haan yn it literêre blêd Trotwaer: 'Kinst sizze dat literatuer myn libben is en myn libben literatuer.' De lêste jierren is er dan ek ien fan de produktivste Fryske skriuwers. Nei it ferskinen fan *Piksjitten op Snyp* (yn 1999), folgen de romans *Nanette* (2003) en *Feuilles mortes* (2004), de essaybondel *Kastanjes poffe* (2005) en de roman *Elja* (2006). Yn 2007 krige er de Gysbert Japicxpriis foar syn hiele oeuvre.

No is der *Kidelstiennen heine en slaan*, in boek fol polemiken en essay's - de opfolger dus fan *Kastanjes poffe*.

It boek bestiet út in samling artikels oer literatuer, dy't earder publisearre binne yn de ferskate Fryske literêre tiidskriften. Se binne ferdield yn in de parten 'Literatuer-Keunst-Maatskippij', 'Literatuerkritiken en analyses' en 'Polemisk en oar proaza'.

De ynstek fan dizze bondel is de opfetting fan heechlearaar moderne Nederlânske

letterkunde Thomas Vaessens. Dy seit dat it literêre domein 'ferkavele' is en dat de spesifyk literêre keunst, mei dêryn de klassike tsjinstelling 'haadstream' versus 'eksperimenteel', net mear bestiet. Skriuwers botse net mear literêr, mar moetsje inoar en oaren (of net) yn talleaze krúsbestowings, oftewol de *cross-over*. Dêrmei lykje de literatuer en de literatuerskiednis harren eigen ritme, harren taalmonopoolje, ja, harren be-

It earste boek fan De Haan moat sawysa lêzen wurde

steansrjocht ferlern te hawwen. De Haan bestrjdt dat en skriuwt dat dat proses allinnich geande is binnen de literêre haadstreamings. Eksperimentele skriuwers besykje altyd autonome keunst

te meitsjen om sa harren eigensinnich tsjinklûd te jaan. Goeie literatuer is altyd kontra of los fan populêre en/of akseptearre literatuer.

It earste part fan it boek giet oer it wurk fan de Haan sels. Dêryn giet er mei *De Moanne*-haadredakteur Ernst Bruinsma ynhâldlik yn op de struktuer *Nanette* en diskusjearret er mei Trinus Riemersma oer *Piksjitten op Snyp*. Wa't dat diel begripe wol, ik moat eins sizze: wa't dit boek begripe wol, moat earst it lêstneamde boek lêze. Yn dy unike roman presentearret de Haan him as eksperimenteel skriuwer, mei in folslein eigen lûd. It moat sawysa lêzen wurde, mar dat tuskentoch.

De 'Literatuerkritiken en analyses' binne skôgings oer wurken fan oer it algemien hiel tagonklike skriuwers: Hylke Speersra (*It wrede Paradys*), Doeke Sijens (*biografy fan Reinder Brolsma*), Itty Sluis (*Striid sûnder Ein*), Steven Sterk (*Regaad yn de himel*) en Anne Feddema (de dichtbondel *Reidhintsje op Styx*). Fierders is der in hiel ferrassende skô-

ging oer it proaza fan Piter Boersma, dêr't de Haan wiist op ûnderlizzende eksistinsjele tema's en sbskip mei

Baskyske Brieven: leuk foar op it net, spitich foar it boek

de Frânske 'nouveau roman'. Ek is der in, krekt sa'n ferrassende, ferhanneling oer it ynternetdeiboek fan Joop Boomsma út 2001.

Fêste lêzers fan *Farsk* sille yn 'Polemisk en oar proaza' de Haan syn Baskyske Brieven weromlêze. Leuk foar op it net, mar spitich foar it boek. Ik fyn de struktuer fan dizze brieven - ôflaat fan *Piksjitten op Snyp* - hielendal net passen by de oare haadstikken.

Nei lêzing fan dit boek wit ik eins net oft de niis neamde ynstek de ynhâld genôch draacht. Leaver soe ik stelle

wolle dat it giet oer wurken fan Josse de Haan en wurken dy't dêr net oer gean. Dêrmei wol ik graach wize op de persoanlike belutsenheid fan de auteur.

Dat is wol sa nijsgjirrich. In lêzer moat nammentlik wenne oan de polemist de Haan. Hy is in eigensinnich skriuwer, dy't syn miening net ûnder it kleed skoot. Ik ha de oantrún de Haan te omskriuwen as in hertstochtlik auteur. Ik kin dy kwalifikaasje betiden ek ynwikselje foar 'opskepper' of 'drammer' - ik bin dan ek net altyd sjarmearre fan de Haan syn wat barokke wize fan opposysje fiere -, mar dêr wol ik it yn dit besprek hielendal net oer ha. Dêr fyn ik de Haan dan wer in te eigensinnich skriuwer foar, waans libben literatuer is en dat mei faasje bewiist.

i *Kidelstiennen heine en slaan. Literatuerkritiken, analyses, polemiken en oar proaza. Josse de Haan. Utjouwerij Vênus, 17,90 euro*

